

*De Stifting Fryske Akademy docht wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisziplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonale wittenskiplike debat, draacht by oan it akademyske klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de mienskip. Op dy wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en bassearre op in sterk engaazjemint mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy sit stevich yn de regio bewoartele en is oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) learre.*

*It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen (Mercator) is yn 1987 oprjochte op inisjatyf fan de Europeeske Kommisje. De misje fan Mercator – ûnderdiel fan de Fryske Akademy – ûnderskriuwt en fersterket de oerkoepeljende misje fan de Fryske Akademy, troch spesifike fokus op it ûndersykjen, fersprieden en tapassen fan kennis op it mêd fan meartaligens en taallearen. Mercator rjochtet him benammen op it gebiet fan minderheidstalen yn Europa en makket gebrûk fan Fryslân as laboratoarium fan meartaligens. It wurk omfiemet net allinne autochtoane minderheidstalen, mar ek migrantetalen. Troch wittenskiplike resultaten nei de praktyk te bringen, ferfollet Mercator boppedat in brêgefunksje. It wurk wurdt mooglik makke troch subsydzje fan de Provinsje Fryslân en projektsubsydzjes út programma's fan de EU. Mei oare wurden, Mercator bringt Europa nei Fryslân en Fryslân nei Europa!*

Foar it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen sykje wy in

## Undersyksmeiwurker

(0,8 fte / 30,4 oeren p/w of mear)

### Taken

- Meiwurkje oan nije en besteande projekten bygelyks op it mêd fan taalbewustwêzen fan bern;
- Meiwurkje oan besteande aktiviteiten bygelyks foar de opbou fan in kennisbank op basis fan ûntwikkele produkten út projekten;
- Meiwurkje oan de fernijing fan it Network of Schools;
- Meiwurkje oan ûndersyk op it terrein fan meartaligens en taallearen (regionaal en ynternasjonaal);
- Yn gearwurking mei ynternasjonale relaasjes Regionale Dossiers skriuwe en redigearje;
- Yn gearwurking mei de projektmanager rinnende projekten koördinearje en stypje;
- Yn tiimferbân kongressen en seminars organisearje;
- Mei-skriuwe oan artikelen en items foar nijsbrieven.

### Funksje-easken

- Universitêre of HBÛ-oplieding op it mêd fan taal, meartaligens en/of ûnderwiis, eventueel kommunikaasje & ynformaasje mei dúdlik ynteresse foar taal en ûnderwiis;
- Underfining mei ûndersyk en projektmjittich wurkjen;
- Bekend mei autochtoane minderheidstalen yn Europa en ûnderwiis;
- Kennis fan en affiniteit mei kultueredukaasje foar jongerein is in pree;
- Tige goede redaksjonele feardigens yn it Ingelsk;
- Besikke oer goede sosjale en kommunikative feardichheden;
- Selsstannich wurkje kinne;
- Behearsking fan it Frysk yn skriuwen en sprekken, of de reewilligens om dat te learen.

## Oanstelling

De oanstelling is tydlik, foarearst foar in jier. Ofhinklik fan oplieding en wurkûnderfining is it salaris by in folslein tsjinstferbân op syn meast € 4.103,- smoarch yn 'e moanne (UFO-profyl ûndersyksmeiwurker nivo 3, skaal 8, cao Nederlandse Universiteiten), eksklusyf 8% fakânsjild en 8,3% ein fan 't jier-útkearing.

It wurkplak is op de Fryske Akademy te Ljouwert.

## Ynljochtings

Mear ynformaasje oer de funksje-ynhâld is te krijen by dhr. Cor van der Meer, projektmanager, tel.: 06-413 38 799, e-mail: [cvdmeer@fryske-akademy.nl](mailto:cvdmeer@fryske-akademy.nl).

Websites: [www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl) en [www.mercator-research.eu](http://www.mercator-research.eu).

## Sollisitaasje

Gadingmakers kinne in motivaasjebrief mei C.V., foar 9 oktober 2023 stjoere oan dhr. Anne Mulder, HR-advisear: [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl); û.f.f. 'Mercator 2023'.



KONINKLIJKE NEDERLANDSE  
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN